[0105] 10. *Hogge.*

Under de wurden, dy 't al yn 'e 19de ieu forâldere wiene, moat ek *hogge* rekkene wurde, dat Gysbert Japicx trijeris yn 'e bitsjutting fan `mês' brûkt:

1. Dear stieste' (æf yen fen dijn boerren)
   Mey in *Hogge,* fen fijf stoeren
   Soe 'k dy to-jaen? ha Broar-mijn!
   Lest dy dat so fljueg 'er ijn.
   G.J.W. 50,90.

II. Mar, sijn ontstits'ne, soer
   Grijmme' eansicht' striel't, quea-dieders, trog,
   Snijt jearm' tinss'nisse', az mey in *hogg',*
   Uwtte' Yerde', in wijt se' ijn 't fjoer.
   G. J. W. 209, 67.

III. Greate Stalcke, ljeafste frjuene, formeyts fen myn
   jeld, it iz my naet to lyen, dat Y to fjoer in to
   swird forfolge, in dat 'er *hogge* op jon E. litsen
   wurde soe om wan-lieuweringhe fen Friessche Sjong-ferzzen.
   G. J. W. 324, 3.

Fjirtich jier nei it rékommen fan 'e earste Gysbert-útjefte fine wy de niisneamde haednamme yn in promoasjefers, dat opdroegen waerd “Oon dy

ljeap yn wittne brauw jong tzjerl Hendrick Freerck de Boer", doe 't dy yn 'e hegeskoalle to Frjentsjer "twistmûlkje" soe oer de forskining fan ús Sillichmakker nei Syn opstanning út 'e deaden. Men kin dit it maklikst neisjen yn 'e treflike samling *Frysk út de 18de ieu* I, gearstald fan Dra. A. Feitsma [„Estrik" XX, 1957, s. 43]. As de ûnbikende rimer yn 1708 nei de wizânsje fan dy dagen de splinternije doktor forheft, seit er yn r. 23 e.f.:

Hy stiet dear mey nin *hogg'* ynn' hân
Om sijn perty jien wer (= tsjinwar) to dwaân/
Mar fryfjuecht / to uwz Friesen gloarje /
Oorz nearn' mey / az mey d'hillg' extoarje.

Dat de makker fan dit rymstik yn de Boalserter master syn dichten trochkrûpt wie, sjogge wy oan 'e fjouwer foarôfgeande rigels, dêr 't er Gysbert syn gearspraek „Reamer in Sape" (r. 61-64) foar plondere hat.

In oare rymler, dy 't yn 1719 oer in promoasjedicht gear moast, hellet de lof fan 'e jonge rjochtslearde Jan fin Gort (Johannes van der Gort) op mei dizze wurden:

Dy earsling minsck dy d' *hogge* luwckt /
Jn bjealsckt puwr az yen kouw / O pleagin /
Dy duwnsck is / Fijt / Hilla! hy duwckt /
Hy fânlt sijn fuwck in is bidreagin
Trogh dyn suwckir swiet twing petear:
Fictoarje! JAN / dy stiet dær boppe /
Js al by honck / fin ruwnom hear
Jk puwck fin alle DOCTJRS troppin 1).

Oardel ieu letter treft men it wurd *hogge* wer ris yn ien fan ús skriften oan. Dûmny Joast Halbertsma, dy 't stomme graech in âldfrinzich wurd yn syn forhalen opnaem, skreau yn "It grouwe pak" earne: "Hessel loek syn *breahogge* út 'e skie en snei it pak mei in feech los"[2]). Dan ha wy noch it tsjûgenis fan Waling Dykstra, dy 't yn syn wurdboek (I, 533) opjowt, dat *hogge* to Molkwar bikend wie as in útdrukking foar `mês', wylst deselde ûnder *breahogge* (I, 228) nei it al oanhelle plak út de „Rimen en Teltsjes" forwiist.

Giet men de literatuer nei, dêr 't men eat oer *hogge* forwachtsje mei, dan docht it bliken, dat de taellju yn 't foarige der gjin smeet op wisten. Sa koe de Frjentsjerter heechlearaer E. Wassenbergh de b i t s j u t t i n g fan it wurd àl, doe 't er yn 1806 G. Japicx syn "Nyschierige Jolle in Haytse-yem" mei oantekeningen yn 't ljocht joech, mar it k o m ô f liet er him net oer út [3]). Allikemin wurde wy wizer fan Epkema syn bitinken. Yn 1823 kaem dy syn wurdboek op 'e gedichten en fierdere skriften fan G. J. fan 'e parse, dêr't er ús it folgjende yn fornijt: "*Hogge,* een mes. Van dit woord vind ik nergens eenig spoor. Is 't misschien ook verwant met *Egge*, occa? met *Igge,* acies?

1) A. Feitsma, Frysk út de 18de ieu I, Estrik XX, 1957, s. 131 [1719 C, r. 29 e.f.].
2) Broerren Halbertsma, Rimen en teltsjes, 4de printinge. 1895, s. 117b.
3) E. Wassenbergh, Taalkundige bijdragen tot den Frieschen tongval II, 1806, s. 32.

De Lezer oordeele" 1). Sa 't de “lêzer" sjen kin, siet Epkema der raer mei oanklaud. Dat sadwaende sille wy, lyk as sa faken yn 'e Fryske taelkunde, sels de forklearring sykje moatte.

De oplossing is aldergeloks sa slim net as ik yn 't earstoan tocht hie. It wurd hinget sûnder mis gear mei it tiidwurd *houwe* „hakje, kapje" = âldfrysk *hâwa, houwa;* âlding. *hêawan,* nijing. *hew*; âldsaks. *hauwan,* mnl. nnl. mnd. mhd. *houwen,* âldheechd. *houwen*, âldnoarsk *hoggva,* Deensk *hugge,* Sweedsk *hugga.* Dat de Noardgermaenske talen hjir *gg* hawwe, is alhiel neffens 't boekje, hwant al yn iere tiden hat him dit dûbelde bylûd dêrre út oergerm. *ww* ûntjown. It Gotysk (mei *ggw)* en it Aldnoarsk (mei *ggv)* steane op dit stik fan saken foar it Westgermaensk oer, dêr 't út oergerm. *ww* de lûdforbining *uw* ûntstien is. By it âldnoarske tiidwurd *hoggva* hearre û.o. de haednammen *hǫgg* “hou, slach, stjit” en *hǫggr* (yn 'e dichterlike gearstalling *níðhoggr* “swurd”).

Ieuwen en ieuwen nei de âldnoarske oergong *ww* > *gg(v)* merkbite wy yn guon Westgermaenske spraken in soartgelikens forskynsel. Sa ken - om dêrmei to bigjinnen - it Middelleechdútsk nêst *houwen* de foarm *hoggen,* forlykje mar de neikommende oanhael út it Mnd. Wb. fan Schiller-Lübben: „worden wy einst, dat neyn van unser megger welck solde *hoggen* in des andern holte" [2]). It seit himsels, dat wy yn it ramt fan dit ûndersiik niget oan dy lûdforoaring hawwe. Dat sadwaende slane wy A. Lasch har *Mnd. Grammatik* op en lêze dêr yn § 347: ‚Auf einem teil des westfälischen ist auch *ûw* > *ugg, ouw* > *ogg* entwickelt". As foarbilden fan dy jongere ûntjowing bringt se by: *frugge* < *frûwe* „frou"; *truggen* < *trûwen* „fortrouwe"; *ogge* < *ouwe* “ei, skiep”; *hoggen* < *houwen* „houwe" [3]).

Oergong fan *ouw* nei *ogg* en fan *ûw* nei *ugg* docht him lykwols net allinne op Westfaelsk gebiet foar. Yn it Middelnederlânsk fynt men bygelyks de gearstalling *halshugger* ”halsôfsnijer, boal", dy 't yn 'e rekken fan 'e Dimter „cameraers" [amtners, dy 't de jildsaken bioarderje moasten] ienris sà brûkt wurdt: ‚Dyrike die der stad *halshuggher* wesen soelde, do hi der stad yrst sinen dyenst lovede, to drincgheelde II ℔ XV d." [4]). (Oan Dirk, dy 't stêdsboal wurde soe, doe 't er him de earste kears forplichte, om de stêd to tsjinjen, 2 poun en 15 peinjen as drinkjild). Dit *halshugger* is oars neat as in njonkenfoarm fan it wenstige *halshouwer.* Hwat de forklearring fan dy seldsume fariant oanbilanget, is Verdam mei rjocht en reden fan bitinken, dat dêr Dútske ynfloed ûnder spilet [4]).

As wy nou it wurdmateriael, dêr 't wy bilang by hawwe, byinoarsette en mnd. *hoggen* „houwe" en mnl.-*hugger* “snijer” mei it Fryske *hogge* “mês" forlikenje, dan is mei in heal each wol to sjen, dat it lêste mei de beide oaren forbân hâlde moat en út *ho(u)we* fuortkommen wêze sil. Wy kinne der sadwaende net foarwei en gean de forsprieding fan 'e haednamme *houwe* nei. It docht dan bliken, dat skraechwurk alle Germaenske spraken dy hiem

1) E. Epkema, Woordenboek op de gedichten en verdere geschriften van Gysbert Japicx, 1824, s. 211.
3) K. Schiller-A. Lübben, Mittelniederdeutsches Wörterbuch II, 1876, s. 309.
3) A. Lasch, Mittelniederdeutsche Grammatik, 1914, s. 185.
4) J. Verdam, Middelnederlandsch woordenboek III, 57.

hawwe of hiene: âldheechd. *houwa,* middelheechd. *houwe, howe, hawe;* nhd. *Haue,* mnd. *houwe, howe;* mnl. *houwe,* nnl. *houw,* nijfrysk *houwe, hou* "hak, stik ark om de groun los to meitsjen of to wjudden ", nijing. *hoe;* dêrnjonken ags. *-hiewe* (yn: *heard-hiewe* "beidel").

It is leau 'k net ûntsjinstich en bring hjir efkes de ôflieding fan it Ingelske *hog* „baerch" op 't aljemint. Holthausen slút him yn syn *Altengl. etym. Wb.* (1934) [1]) en yn syn *Etym. Wb. der englischen Sprache* (1949) [2]) by de eartiids gongbere opfetting oan, dy 't dit substantyf foar in Keltysk lienwurd hâldde. It soe út âldbritsk *hoch* „swyn, baerch" oernommen wêze. Skeat [3]) bitwivele dy útliz al en net sûnder rjocht en reden, nei 't it my taliket. Ommers, de Latynske omskriuwing fan it middeling. *hogge* as "maialis, est enim porcus carens testiculis" [4]) wiist dúdlikernôch út, hwer 't dat wurd winliken weikomt. Wy sille yn dizzen sûnder mis fan 'e bitsjutting "sniene (bear)" útgean moatte en earst nei forrin fan tiid sil *hogge, hog* in namme foar `baerch' yn 't algemien wurden wêze. De *gg* yn middeling. *hogge* en allyksa yn it noardhumbryske dialektyske tiidwurd *hag* (út âlder *hagge)* "to cut, hew, chop" [5]) moat oan âldnoarske ynfloed taskreaun wurde, dy 't, lyk as bikend stean mei, yn in biskaet tiidrek fan 'e Ingelske taelskiednis moai great west hat.

Om op Gysbert Japicx syn *hogge* del to kommen: it hat in bytsje doel en dûk dêr djipper foar yn it Yndogermaensk, om 't eltsenien maklikernôch de Latynske en Litauske sibben fan it tiidwurd "houwe" yn 'e greate etymologyske wurdboeken fine kin [6]). Dat wy litte dy hjir mar wei. It fornaemste is en bliuwt, dat Frysk *hogge* `mês' neffens de ôflieding hjirboppe in wikselfoarm fan Frysk *houwe* `hak' wêze moat. Allinne troch in lyts ûnderskie yn 'e bitsjutting koene dy beide foarmen nêstinoar bistean bliuwe.

De oergong *ouw* > *ogg* wie dus, sa die it bliken, net inkeld Westfaelsk. It Frysk hat dy ûntjowing ek meimakke, lyk as men oan *hogge* wiermeitsje kin. Dat de *w* to uzes wol faker faei is en mei *g* wikselt, biwiist bygelyks in foarm as *skôgje* "bisjen" nêst *skouwe* < âldwestfrysk *skowia.* Der binne lykwols noch wol mear foarbylden foar ús sprake to jaen. Sa komme yn it earste liet, dat G. Knop yn 'e Skylger tongslach dichte hat, "Wi litte de minsken mar preitse" (1932), de ûndersteande rigels foar:

Us mim seit: „Noe mot it mar gâu wêze eak",
En ús ta seit: „Of motte se meitse".
Mar ús mim en ús ta, dy *jogge* gyn cent,
Dy habbe mar makkelik preitse [7]).

1) F. Holthausen, Altenglisches etymologisches Wörterbuch. 1934, s. 168.
2) F. Holthausen, Etymologisches Wörterbuch der englischen Sprache, 1949, s. 97.
3) W.W. Skeat, An Etymological Dictionary of the English Language, 1884, Errata and Addenda, s. 811; forlykje binammen syn A Concise Etymological Dictionary of the English Language, 1956, s. 243.
4) Catholicon Anglicum, 1483, s. 187, oanhelle fan James A.H. Murray, A New English Dictionary, dl. V, 1901, s. 323.
5) James A.H. Muray, A New English Dict. V, 1901. s. 18.
6) Sjoch b.g. J. Franck-N. van Wijk, Etym. Wb. der Ned. taal, 1912, s. 265; F. Kluge, Etym. Wb. der deutschen Sprache, 17. Aufl., 1957, s. 293.
7) G. Knop, Schylge, Schylger tael en Schylger minsken. Boalsert 1933, s. 48, des.: Fersen yn de Schylger tongslach, Boalsert 1949, s. 47; ek yn „Fryslân sjongt", 1943, nû. 85, s. 125.

Dit nijsgjirrige fynplak, dat Drs. T. Hoekema my biskikte, lit klear sjen, hokker foarm as de Skylgers foar de 3de pers. meartal fan 'jaen' brûke. It eilânske *jogge* stiet foar *jowe* fan 'e fêstewâl oer en mei, hwat de wiksel *o(u)we - ogge* oangiet, mei *houwe* > *hogge* forlike wurde. Fierders hinget de haednamme *brea* (Holl. *brood),* sa 't men wit, mei de ydg. wurdstamme *bhreu-* "gêstje, suorje" [1]) gear, dêr 't it tiidwurd *brouwe* ek fan ôflaet is. Nimt men soks yn bitinken, dan leit it yn 'e reden, dat wy *brogge* "stik brea" allyksa mei de neamde grounfoarm forbine moatte. Neffens my stiet *brogge* : *brouwe* as *hogge* : *houwe.* Mar dêr wol ik leaver yn in oar artikel hwat wiidweidiger op yngean. *W. J. Buma.*

1) J. Pokorny, Indogermanisches etymologisches Wörterbuch, 2. Lieferung, 1949, s. 145.